



## *Fersen fan Geartsje Douwes - Inleiding*

Deze gedichten zijn door Geertje Muller-Fokkema opgeschreven in een klein schriftje. Enkele ervan stuurde zij in voor plaatsing naar de Leeuwarder Courant. In de rubriek “Lyrische Krant” werd het gedicht “It lêst betrouwen” geplaatst op 12 januari 1980.

Het gedicht “Súdafrikaanse Band” werd gepubliceerd in het literaire Friestalige blad Trotwaar, nummer 4 in 1980.

Mijn moeder schreef de meeste gedichten in de laatste jaren voor haar dood. Ze kreeg door de publicaties de smaak te pakken en zat vele malen voorovergebogen boven haar kleine boekje te schrijven, te krassen en te herschrijven, “te stinnen” zoals we dat in het Fries zeggen, tot het goed was. Vaak ook was ze niet tevreden en liet ze het voor wat het was, zonder het nog eens in het net over te schrijven. Het was meer een dagboek misschien dan de dichtbundel die het nu wel is geworden.

Maar toen mijn broer Michiel en ik de gedichten lazen na haar dood vonden we ze erg de moeite waard om te worden gelezen en spraken we af in welke volgorde dat dan moest zijn. Zo maakten we er een klein boekje van voor familie en naaste vrienden. We zetten een enkel gedicht op de telefoon dat je kon horen als je het nummer van het toenmalige “Operaesje fers” belde

(“Seekob”). We gebruikten haar dichtersnaam Geartsje Douwes zoals ze die in de gepubliceerde gedichten zelf gekozen had.

De thema's van Geertjes gedichten zijn veelal het einde van dingen, het onomkeerbare einde dat de tijd met zich meebrengt voor mens en natuur. Het ouder worden, de relatie tussen ouder en kind, man en vrouw, de scheiding tussen rassen die de wereld steeds weer maakt of idealen die zij zelf niet heeft kunnen bereiken in haar leven. Maar ook angst voor wat komen gaat, een onderhuidse angst die goed valt te verklaren door haar ziekte, waaraan zij zelf in 1985 overleed: kanker. Onderhuids: die ziekte wordt niet met zoveel woorden benoemd.

Mij valt aan deze gedichten vaak een melancholieke stemming op, soms zelfs wanhoop, over de toekomst. Maar de beelden die zij gebruikt zijn geworteld in haar grote liefde voor de mens en de natuur, en vooral voor de eenvoud van de dingen. De Friese taal, haar andere grote liefde, was het meest geschikte instrument voor haar om deze beelden op te roepen.

*Leonne van der Duim-Muller, 2010*

fersen fan  
Geartsje Douwes

*Ferheftig, roppig, trêdet de sêekob  
de waerme weake grûn.  
Stadich gliidt it glânzjend wjirmte  
út syn ferhoalen stee:  
“Der wurdt kloppe, der wurdt roppen!  
Hat der ien ferlet fan mij?”  
Snipt de snaffel; slút him fêst;  
‘t Joech him foar it earst en lêst.*

*Desimber 1979*

## **Jouns bij de bushalte**

*Deastil stean de beammen  
te dreamen by it wiet.  
Gjin sigentsje ferwegeet har tûken  
as harken se nei in ynnerlik liet.*

*Se spegelje har yn'e grêften,  
dêr glânzet in oare wrâld;  
suverder, frediger as uzes?  
Of 't wjerbyld: wreed en fersteurd.*

*Hiene wij wat fan'e beammen,  
de tûken yn oerjefte heven  
tsjin'e loftten oan  
ferwachtsjend in oare tiid;  
bewoartele fêst yn'e ierde;  
net hinne en wer  
troch twivel en eangsten ferslein  
dochs trou en wach op it plak.*

6 desimber 1979

## 59 ier

*Wêrom it toarre blêd net falle litte?  
Beskamsum, om dij bleat te jaan?  
Al streamt it libbenssap wat stager  
it dracht in nij libben oan.*

*Lit falle wat neat wurdich is;  
lit los om de ferhoalen knop,  
dy't iepen barst yn better tiid;  
- as net, yn winternacht oerizele,  
de wyn it broaze twiichje brekt -  
lit los! In nij libben wekt ús ..*

*11 desimber 1979*

## **Blomketerp**

*Sa sêft as wie it Maaie  
komt mij de stilte oan.  
It reid sels hâldt de siken yn;*

*myn knisterjen op it skylpepaad  
brekt de tsjoen.  
Einen skrille út de ûnderwâl,  
stowe kwêkjend op it lân.*

*Efter mij wurdt it wer stil,  
it fjild keart ta himsels wer yn.  
It reid, de sleat, it skylpaad leit  
yn oandachtige mimering ...*

*Moarn skuort hjir de buldoazer  
de grûn foar swimbad, iisbaan, sport.  
Foar tûzenen fertier,  
de ekskavateur stiet ree.  
Wêr fyn ik in skylpaad den  
sa'n lêste stripe free..*

*13 desimber 1979*



## **It lêst betrouwen**

*Kreas, ynfieren leit it hofke  
Bêde njonken it foarstlik Tún.  
Tsjin hege tsjerkemuorren skoarje  
de lytse wenten oarekant.  
Al ieuwen lang.*

*It motoarysk blik droant oer de dyk,  
net mear te stuitsjen,  
net wei te tinken, bij nacht en bij dei  
snijt syn baan flak foar de rúten lâns  
troch it lêst betrouwen.  
“God staakt”, skreau oan de poarte  
in âlde hân.*

12 jannewaris 1980

“Lyrische Krant” Leeuwarder Courant

## **Biidwurd - disharmonij**

*Harmonij út earder dagen  
Wêr is dy keard;  
doe't Bach yn fuga's en koaralen  
it hielal omsleat yn ien besiele bân*

*De bom op Hirosjima-Nagasaki  
hat net alline dy kwart miljoen bewenners  
mei atomen spliten,  
mar hat syn skerven yn ús eagen brutsen  
Ferskuord ús takomst,  
de natuer ta delgong keard.*

*Dêrom draaie bern no platen  
yn diskobars mei jazz en beat:  
it biidwurd is tonei:  
diskharmonij*

## Carnaval

*It bern dat men dreamde  
sjonge, dûnsje, trije dagen lang,  
hân oan hân, earm yn earm, wang oan wang  
Net kend sa at in oar dy sjocht  
mar as de minske  
dy't men winske.*

*Dan ho! Maskers op!  
362 dagen mefrou  
mei boadskipweintsje yn tou  
Mem, dy't sân oere moarns  
de skoalbrogge yn it tromke skikt  
húsfrou yn'e koken  
mei smoarrige pannen, ierappelspruten,  
frou jounslet manleaf wachtsjend  
mei in slokje bij it lêste nijs.*

*It dreamend bern  
dat achter al dy maskers sit  
ken gjinien as ik.*

14 Jannewaris 1980

*In memoriam Klaasje de Jong 1980*

## **Deadewacht**

*No leit se stil.*

*Sa deastil.*

*Moarmerbleek dat leaf gesicht.*

*Altyd sa blier, in golle laits,  
freonlik, tankber foar elk lyts  
gebaar fan hertlikheid.*

*No leit se stil.*

*Wie se in bern yn it ferstân?*

*Ek as in bern sa wiis  
seach se troch ús hinne.*

*Wat hie se soms in pine om 't botte wurd,  
't lytsachtsjende gebaar,  
achteleazens om har hinne.*

*Mar se hie leaf, koe leafde jaan;*

*kom dêr ris om by 't grut ferstân..*

*Noch ien keer sjoch ik dat leaf gesicht.*

*De kist moat ticht.*

*Wat fiel ik mij alline.*

## **De dea stie foar de doar**

*We hiene sa sekuer oerlein  
mar doe't er fierder kaam  
wie alle rêst en hoop ferflein  
Allinne dit bleau oer:  
Christus, ûntfermje jo,  
Hear, ûntfermje jo,  
Christus, ûntfermje jo!*

## Súdafrikaanse Band

20 jier Sharpville.  
Gitaren gûle  
de swiere tromme -  
it hert keart my om -  
“ ‘k Bin mar ien kear jong!”  
De swiere tromme  
droant geweld.  
“Kleure myn fel!”  
Wat sjongt de stim:  
“triennen...  
werhinne..  
nij begjin..” -  
Achter in skut  
Tegwin sliëpt.  
Syn namme betsjut  
“stil wetter”.  
Joy is syn mem.  
Joy dûnset, dûnset, dûnset,  
har hier dûnset mei.  
Joy dûnset har frij!

## **Deadenbetinking**

*In sêfte roffel fan fuotten op asfalt.*

*'t Is deadenbetinking:*

*ferjagen, ferspeiden, finzenen, flechtsjend foar  
haat en geweld*

*foar de droanjende stap fan de learzens*

*Minsken stean*

*en sjogge it oan.*

*Siz net "Dat's lang lyn"*

*'t Wie juster*

*'t Is hjoed*

*It bart moarn.*

*Dy droanjende stap fan learzens,*

*dy sêfte roffel fan fuotten - fuot, fuot  
en wij..*

*wij sitte bij de t.f.*

*en sjogge der nei*

## **In maaiedei**

*We jeije oer de wegen  
Oranje, grien, giel, wyt.*

*In film it fjild:*

*glânzjend grien*

*- lytse ljip -*

*read op swart-wyt:*

*- strânljip -*

*mearkepronk*

*- fesant op 't lân -*

*We jeije nei de fierten!*

*Op 't snjit! Sa ryk!*

*Protsjes smoarge fearren op'e dyk.*

*Dat stomme bist*

*Stom bisto.*



## Oer pake

*Efkes bij oerpake oan,  
âld man, hast njoggentich, allinne  
"It treft mar min,  
'k sit oan 't waarmiten, bêrn,  
wolst ek in hapke nimme?  
't Is fierstentefolle foar in man allinne.  
'k Moat noch nei 't postkantoar,  
woe ik no mar hinne.  
Soest fuort wer nei de bus?  
Oent sjen dan!!"*

*Dêr fietst er hinne  
kearsrjocht, behindich,  
sa wurdt er wei yn it ferkear.  
En ik bin 't dy't achterbliuwt  
Wachtsjend op 'e bus - allinne.*

5 juny 1980

## Swart op wyt

*Steile stêd  
griene grêften  
't skiere ljoft  
nea helderop de kleuren  
ûnwennigens fret har op*

*De bliere sinnetiid  
yn wille en dûns mei maten  
kleure swarte  
De izige stap  
it hurde lûd  
de kâlde eagen  
wyt op wyt  
swart op swart  
Wa't dat net docht  
wurdt straft.  
Oan har fuotten  
't boike boartet, tateit, laket.*

*Dêr dwers oerhinne  
swart op wyt,  
dat it mis rint mei har maten  
yn har thúslân.  
Oaren laitsje  
Oaren prate  
Foar har gjin werom,  
gjin foarút.  
Yn har smert  
finzen apart.*

## **De simmer flechtet**

*De simmer flechtet  
it fjild leit stil en griis  
de risping is op hannen  
mar yn myn hoare hûs  
de eangst wearet om*

*Fammenstiid ferwachtings  
wat waerd dêrfan  
de tiid ferrûn yn inger romten  
wat haw ik eins bedijd  
en djip yn mij waret de eangst*

*Hjerstwyn reaget troch de krunen  
sa falt it deade blêd  
mar oan de keale tûken  
in nije knop leit bleat.  
Lit falle wat neat wurdich is  
dat frij komt wat bedutsen is  
en útbrekt as in libbenssaad!*

## **De nammeleazen**

*Jong'rein út safolle lannen  
oanspield as weardeleas jolm  
Foar har hjir gjin dak en gerak  
har libben ferfljocht as in amme  
Wa kent har plak en har nammen.*

*'k Stie njonken ien op'e tram  
hij seach yn myn each dat er swart wie  
wêr wied er wei, wat syn doel?  
Ik ried aanst noflik retour,  
mar hij, wie hij Abel, myn broer?*

***Is leafde***

*'t oanfierdigjen*

*fen in oar syn oars-wêzen*

*Is skûljen bij de leafste*

*ûnbegrepen*

*genêze*

*Is gemiensumheid*

*genêze oan'e iensumheid*

## Us heit

*Heit learde mij it harkjen op'e melodij  
wurden yn lieten en gedichten  
op oargeltoanen sjongend heech yn it ferwulf  
har lûd en wjerlûd.*

*Wy strúnden fier de dunen troch  
bij brúzjend wetter of stille sleatten lâns  
eltse blom joech hij de namme fan*

*Sa waarden skreaun de earste fersen  
fan myn bestean.*

*Hat Heit dat sels ooit witten?*

*Al wurd ik like âld as hij*

*Ik sil him nooit ferjitte.*

## **De downen koerje**

*wer't ik to sliepen liz  
Sa wie it juster net  
en moarn net mear  
Dit is allinne no:  
ien lange dei fol frede.*

*Sinne ferriedt him troch de skreefkes.  
Hoe suver gol is grif de folle dei  
achter ruten en gerdinen.*



